

ALDEGEA, FEANTERSDOARP

bijdrage van Stichting Hattum de Vries

Al hiel ier krigen de minsken yn `e rekken, dat droege klyn (feangrûn) goede branje wie. De Friezen wisten dat nei alle gedachten al oan it begjin fan ús jiertelling en faaks nog earder. Yn 'e omkriten fan Aldegea is ek fan klyn turf makke, yn't oanbegjin foar eigen gebrûk, letter ek foar de hannel. It ferfeantsjen is by ús noait sa yn it grut dien as yn de omkriten fan Drachten. Der hawwe jildlju út it westen dwaande west en dy hawwe der faasje achter set; earst de ynfrastuktuer en doe koe 't begjinne. Arbeiders wie gjin probleem, der wie yn 'e Wâlden in protte wurkleazens. Mar om Aldegea barde derneffens alles yn 't lyts, gjin jildlju, mar dêrom is der wol turf makke, fan heech- en leechfean beide.

Der is in geologysk ferskil tusken heechfean en leechfean, en ek op 'e manier fan ferfeantsjen: heechfean wurdt groeven, leechfean moat ûnder wetter weihelle wurde mei loete en leiker. As it heechfean ferfeante is dan bliuwt der in fêste undergrûn oer, mei it leechfean in petgat. De fêste groun under it heechfean wurd as greide of boulân oanmakke, in petgat groeit úteinlik wol ticht, mar der ferrint nogal wat tiid oer.

Al fanôf 1580 binne der bewizen dat der ferfeante waard yn ús omkriten. Gjinn feanterij yn 't grut. De klynlaach wie net sa tsjok, dus dat lokke de greate feanbazen net sa oan. Mar dêrom is der wol feante; dat is hjoed de dei nog wol oan it lânskip te sjen. Wa 't oer de wei nei de Headammen ta giet, sjocht de no stikhinne ticht-groeide petgatten wol. Der hawwe lytse feanbazen oan it wurk west. Feantsjen yn it leechfean sil wol, sawat like âld wêze as yn it heechfean. De baalders wiene tige gaadlik foar hûsbranje. Allinne, it ferfeantsjen gong lang sa maklik net as mei heechfean.

Mei help fan in lyts mûntsje, in jasker, waard it gebiet, in polderke wetterfrij makke en dan koene de arbeiders droech en noflik harren wurk dwaan; krektlyk as yn it heechfean. Mar soks koe allinne mar at de klynlaach net botte tsjok wie. Wie de klynlaach sa tsjok dat de jaskers it polderke net mear droech hâlde koene, dan moast de klyn ûnder wetter weihelle wurde mei loete en leiker. Wiene de feanters klear mei harren wurk, dan bleau der in petgat lizzen. As dat dan jierren letter tichtgroeid wie, mar noch net te brûken troch de boer, dan waard it ûnlân neamd.

Feantsjen wie arbeidsintensyf wurk. Froulju en bêrn koene der ek wol oanslach yn krije, benammen as de turf yn 'e wyn stie te droegjen en hieltiten wer omkeard wurde moast. Dat wie licht mar ientoanich wurk dat in bern ek wol dwaan koe. Der waarden lange dagen makke yn 'e feanterij, want der koe allinne maitiids en simmers mar feante wurde.

Wat om Aldegea hinne krekt bard is wit net ien.

As wy Marten Jansz leauwe meie dan barde der hiel wat. Marten Jansz wenne yn Lippenhúzen en skreau yn dichtfoarm oer wat der yn syn tiid om him hinne barde.

Yn 1767 skreau er oer “De overheerlijke en nuttige voordelen der Hoge en de nadeelige gevolgen der Lage veengraveriën.”

Aldegea neamt er der ek yn:

**“En buiten Oudega, dat moest ik niet vergeten;
Daar men van Jaar tot Jaar, de Poelen groter maakt,
Tot dat het Hooij land daar, meê gants vergraven raakt.”**

Folle letter yn 1819 kaam it gritenijbestjoer mei suver deselde klacht. It wie bang dat de mieden yn it lege, westlike diel fan Smellingerlân hielendal ferrinnwearre wurde soene troch de feanterij “en waar zullen wij dan hooi voor onze beesten halen.”

Om 1800 hinne wie it ferfeantsjen by Drachten wol sawat dien. De jildlju strieken de winsten op en gongen wer nei it westen ta. Smellingerlân bleau mei it wurkleazenprobleem sitten.

Yn ‘e Kompenije moasten om 1830 hinne de measte ynwenners fan de bedeling libje.

Mar yn deselde snoarje wie der by Aldegea noch aardich wat drokte yn ‘e feanterij; yn de Wolwarren, by de Geau en op nog in stikmannich oare plakken. Dat kaam goed fan pas; it wiene minne tiiden, de jierren 1810 – 1850 wiene krisisjierren. Troch de drokte yn de feanterij koe mannich Aldegeaster nog in deihier fertsjinje, alwie it gjin fetpot fansels, want it iten wie krap en dus djoer.

It ferfeantsjen by Aldegea barde troch lytse pleatslike feanbazen. Harren turf sil wol almeast yn eigen doarp en krite brûkt wêze. Wa ‘t dy Aldegeaster ferfeanters wiene? Der wurde wy wat fan gewach troch in belestingkwestje. De oerheid seach it gefaar wol yn fan it ferfeantsjen fan hieltyd mear en mear leechfean. Wat soe der sa fan it lege diel fan Fryslân oerbliuwe? Wetter! Derom lei de oerheid belesting op it ferfeantsjen fan leechfean. Dy belesting waard slykjild neamt en dat slykjild moast brûkt wurde om fan de petgatten wer brûkbere kultuergrûn te meitsjen.

It wie dus eins de earste miljeubelesting. De feanbazen moasten it slykjild betelje, mar hja ferrekkenen it wer yn ‘e priis fan turf, dat stiet fansels.

Belesting betelje, wa hat der net in hekel oan.

Sa ek de feanbazen; hja begûnen te sloeren mei it beteljen en betochten ferlechjes. De gouverneur fan Fryslân trûne de grytman oan om de sleauwkjende feanters goed efter de fodden te sitten en doe krigen dy sizzen om op it gritenijhûs te kommen.

De Aldegeasters dy ‘t der yn jannewaris 1842 sieten wiene: Sjoerd Wytzes Brandsma, Heine Jans Deelstra, Jan Wytzes Huizinga, Harmen Theunis Veenstra en Jan Harmens Veenstra. Net alle ferfeanters út Aldegea wiene der dy deis.

De simmer fan 1841 wie in minne simmer foar boer en feanter, hea en turf koene net droech wurde fanwege de minne simmer.

De oerheid achtte it derôm billik om alle feanbazen en –baaskes it slykjild fan alle turf dy ‘t troch it minne waar ferinnwearre wie werom te beteljen. De fiif niis neamde kriigen it ek werom. Om in yndruk te meitsjen om hoefolle turf it sa wat gong: yn 1833 is der allinne yn Aldegea hast likefolle turf produsjearre as yn Boarnburgum, Drachten en de Rottefalle byekoar.

De man dy `t syn feanterij wat grutter opsette as oare feanters wie Jan Durks de Jong, dy't yn 'e Wolwarren grave liet; letter krige dat de namme Jan Durks polder. Njonken feanbaas wie Jan Durks ek nog skipper, winkelman en bôleferkeaper.

It liket ús faaks wat nuver ta dat immen safolle iizers yn it fjoer hie, mar dêr seagen de minsken doedestiids net raar fan op; de measte feanbazen diene dat en net allinne feanbazen.

JanDurks soarge sels ek foar it ferfarren fan syn turf nei Hollân ta en hy regele it ferkeapjen dêr ek. Simmers wenne er yn in hûs by de feanterij; der stiene ek de feantinten; skeamele wenten foar de arbeiders.

En hy en syn frou hiene der in winkeltsje foar de feanwurkers. We kinne feilich oannimme dat dy arbeiders ferplichte winkelnearing oplein wie, want dat wie doedestiids wol sawat de wizânsje by de feanbazen.

Dizze artikel is earder publisearre yn "de geschiedenis van Oudega (Smallingerland)" útjûn yn 1990. Wolle jo mear witte hoe `t it feantsjen der op en ta gong; yn it Lytshûs steane de maquettes fan van der Wal. Yn desimber binne dy noch te sjen, foardat alles yn `e opslach giet oant de bou fan it nije multifunksjoneel sintrum ree is.

Feike Wijma